



JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2018-2019

Gearstalling bestjoer:

Sipke Huismans, foarsitter	Kwartettekoor
Geart van der Heide, skriuwer,	Yntertsjerklike Kommisje Fryske Earetsjinst
Piet Miedema,	Administraasje, ponghâlder, webstee
Geart Bruinsma	Deputaatskip Fryske Earetsjinsten Frijmakke Tsjerken
Johannes Bakker	Kristlike Fryske Folks Bibliotheek
Jan van der Mark	Ferbân fan Fryske Foargongers
Martha de Boer - van Slooten	Yntertsjerklike Fespertsjinsten Ljouwert
Liuwe Westra	Nijsjager

-Bestjoersgearingkomsten op 7 maaie, 2018, 17 septimber 2018, 19 novimber 2018, 14 jannewaris 2019, 11 maart 2019. Plak fan de gearkomsten: de Fikarj yn Wurdum.

-Piet Miedema docht de administraasje fan Krúspunt en is ek ponghâlder. Boppedat is hy ek de behandler fan it webstee fan Krúspunt.

-*Lieten fan leauwe en langstme*. Dat is de titel fan de Krúspuntbondel dy't ûntstien is yn gearwurking mei it Deputaatskip Fryske Earetsjinsten fan de Frijmakke Tsjerke. De presintaasje is op 29 maart 2019 yn de Fontein yn Drachten. Yn de bondel, dy't útjûn wurdt troch Royal Jongbloed yn 't Hearrenfean steane 160 lieten. De lieten binne keazen út de folle breedte fan it tsjerkeliet en binne net op in oare wize beskikber yn it Frysk.

-*Skriuw in nij liet*. In gearwurking mei Nijkleaster hat Krúspunt in kursus oanbean om te kommen ta it skriuwen fan nije Fryske lieten. De kursus is net trochgien om't der te min belangstelling foar wie.

-Bernard Smilde Priis. De fraach foar de Bernard Smilde Priis 2019 is it skriuwen fan in liet mei as tema *Mienskip*. De priiswinner sil bekend makke wurde op de Krúspuntdei fan 13 april 2019.

Surhústerfean, 5 maart 2019
Geart van der Heide, skriuwer